


In ‘grinsgefal’ oer nasjonaliteit

Un duit in 't sakky, bij alle diskusies in de *Lúwter Krant* over 't Frysk en 't Hollâns, staatsburger-skap en nationaliteit.

Der is al tsientallen jierren, sels in iuw as langer, ynternasjonaal – it begryp sels is de werhelling fan de kwestje – debat oer it begryp nasjonaliteit. Oft it alhiel in ynbylding en op dat stik puer kreaasje is, of dat it yn de kearn in âlde en reële oarsprong hat.

Ik sjoch my sels as Nederlânsk steatsboarger mei de Fryske nasjonaliteit. It earste bin ik, alles op in rige set, wiis mei. It lêste ha ik leaf, al is er net offisjeel erkend. En fierder hawwe ‘grinsgefallen’ my yn literatuerstúdzjes en yn kontakten yn 'e besnijng.

Want in ‘grinsgefal’ bin 'k binnen



Syls Geluk, een Bildts biertje.

FOTO WILLEM RIEMERSMA

Fryslân as tredde generaasje Bildt-fries ek noch.

Mar ik fyn kompleksiteit it libben sels en allinne mar nijsgjirrich.

En kin mei alles libje, salang't it iene it oare net tekoart docht. En dêr't dat al sa is, moat striden wurde. Foar rjocht op lykweardichheid. In klaine ode, over bliid met 't aigene in 't klaine, op 'n Bildts dorp, myn geboortedorp. Met 'n Bildtstalige hait en Frysktalige mem:

't Geld lait op straat.

Maar 't Geluk hangt an 'e muur,

in 't Grauwe Paard in Ouwe-Syl.

't Ene floeit je soa maar deur de fingers,

't Ândere soa mar deur de keel.

En hewwe je 't ene niet

en wille je 't ândere niet,

dan lope je der nag overhine:

Over Syls Geluk,

bij 'n koiertsy over d'Ouwebildtdyk.

Willem Riemersma. Feanwâlden